

# Projekt fan nije Fryske Bibeloersetting: Micha, Kolossers, Efeziërs binne klear

In hier lyn waard it projekt Fryske Bibeloersetting (FBO) yn Frjentsjer presintearre. It wie de start fan in ambisjeus plan dat yn elts gefal rint oant 2025. Wat is der yn it ofrûne jier allegearre bard? En wat is der al klear oan teksten?

## Achtergrond

Lútsen Kooistra

De publike gearkomste wie in opstekker: frijwilligers-oerseters wiene ree om útein te setten, ûnder wittenskiplike lieding fan spesjalisten. En der wie genôch jild by elkoar swile om in ferantwurde start te meitsjen. Hoe stiet it no mei it projekt?

It earste punt wie it finen fan foldwaande meiwurkers, minsken dy't thús binne yn de Bibel en yn it Frysk. En dy't tiid en nocht ha. Ta ús bliidskip melde har in moai hantsjefol minsken, út it hiele lân en dêr bûten. It twadde punt wie it meitsjen fan ôfspraken oer watfoar oersetting wy wolle. Us wittenskiplike stêf makke dokuminten oer it 'soarte' oersetting. Der is op dat punt gâns ferskaat. Tink oan de *De Nieuwe Bijbelvertaling* (2004), de *Bijbel in Gewone Taal* (BGT, 2014) en in nije útjefte fan *Het Boek* (2008) en de *Herziene Statenvertaling* (2010).

Eltse oersetting hat eigen skaaimerken. Dy geane oer bygelyks de 'trou' oan de boarnetalen Hebriuwsk en Gryksk en oer de tagonklikheid fan de tekst yn it Frysk. De FBO hat in eigen ôfwaging makke: oer-

sin miskien betsjutte kin, mar wy witte it net. Yn de nije oersetting bliuwt dy ûndúdlike sin stean, mei in oantekening.

### Genede

Dizze útgangspunten hawwe gefolgen dy't wol wat ôfwike fan wat wol wat in trend is: de klam op 'maklik' te begripen wurden en sinnen. Bygelyks: in begryp as 'genede' is foar hieltyd mear minsken net goed te begripen. Guon oersettingen brûke dit wurd dêrom net mear en sette dêr 'goedens' foar yn 't plak. De betsjutting fan genede is mearfâldich. Ien betsjutting is goedens. Troch dat begrip te brûken ynstee fan genede, wurdt genede beheind yn betsjutting. De FBO kiest derfoar om genede te brûken. Yn Bibelstúdzje of yn in preek kin genede útlein wurde nei al syn betsjuttingen. En, miskien komt der in list mei útlis fan begripen as genede.

In oar aspekt is de eigenheid fan in tekst of Bibelboek op taalnivo. De iene Bibelskriuwer hat in oar Gryksk as in oare. Wenstich is om dy ferskillen yn in oersetting 'glêd' te striken. De FBO wol dy ferskillen yn taal sjen litte.

Yn de rin fan ferline jier kamen ditsoarte dingen wiidweidich oan de oarder yn de Wurkgroep (wittenskiplike stêf en bestjoer). It is moai om te sjen hoe't de wittenskippers yn it projekt it iens binne oer de útgangspunten foar de nije oersetting. Dy wittenskippers binne prof. dr. Eep Talstra (Alde Testamint), prof. dr. Lénart de Regt (Alde Testamint), dr. Liuwe Westra (Nije Testamint) en prof. dr. Rolf Bremmer (Frysk). De kennis en kunde fan de stêf binne fan ynternasjonale kwaliteit.

Talstra is dwaande mei in oersetprogramma fan Hebriuwsk nei Fryske (!) wurden, De Regt bringt syn ûnderfining as begelieder fan oersettingen fan (minderheids)talen yn, Westra past de nijste ynsichten yn it Gryksk ta (sa wie te lêzen yn syn stik yn it *Friesch Dagblad* fan 16 jannewaris 2021), Bremmer brûkt syn spesifike kennis en makket gebrûk fan syn netwurk by it beoardieljen fan de Fryske teksten.

Fryslân mei der grutsk op wêze dat foar sa'n lyts taalgebiet as Fryslân is, safolle kennis en kunde byelkoar komt.

It tal oerseters is yn de rin fan ferline jier moai tanommen. Der binne no fiif oerseters Alde Testa-



Eltse oersetting hat eigen skaaimerken. Dy geane oer bygelyks de 'trou' oan de boarnetalen Hebriuwsk (foto) en Gryksk en oer de tagonklikheid fan de tekst yn it Frysk. Foto: Shutterstock

## De pandemy hat in streep set troch de fysike moetingen fan de Wurkgroep. Der wurdt no fia it skerm (Zoom) oerlein

mint en twa Nije Testamint. Der binne petearen mei noch in pear kandidaat-oerseters. De oerseters beprate mei harren redakteur swierichheden yn de tekst. Soms giet it dêrby om mar ien wurd, in komma of de yndieling yn alinea's. De Wurkgroep hat oer in tal 'grutte' kwestjes al besluten nommen, bygelyks oer de godsnamme: HEAR. En oer de oansprekfoarm 'jo'. Al dit soarte besluten wurde ferantwurde, miskien yn in apart boek dat tagelyk mei de oersetting ferskine moat.

De opset fan it projekt is ridlik ienfâldich: de redakteur (wittenskipper) bepraat mei de oersetter hokker boek oerset wurde sil. Dêrby krijt de oersetter spesifike ynformaasje oer it Bibelboek, oer swierichheden, eigenaardichheden en

falkûlen. De oersetter giet oan it wurk en stjoert syn konsept-oersetting nei de redakteur. Dy besjocht it wurk en hat oerlis mei de oersetter. As beide it iens binne, giet de konsept-tekst nei de korrektor (Fryske Akademy). Dy besjocht de tekst op it Frysk. Der kin oerlis wêze tusken de korrektor, de oersetter en de redakteur. As elts it iens is, stjoert de redakteur Frysk de oersetting nei de Wurkgroep. Dy nimt it beslút om de oersetting goed te karren en/of wizigingen ta te passen.

As der oer in pear moanne wat mear Bibelboeken klear binne, nûget de Wurkgroep minsken dy't niget hawwe oan it projekt út om as meilêzers de risseltaten te besjen. It kin samar wêze dat út dy rûnte weardefolle suggestjes komme dy't opfolge wurde.

Der binne al in pear boeken klear om goedkard te wurden: Kolossers, Efeziërs, Micha, bygelyks. Der wurdt no wurke oan Jeremia, Job, Hanlingen.

### Fiif jier

De pandemy hat in streep set troch de fysike moetingen fan de Wurkgroep. Der wurdt no fia it skerm (Zoom) oerlein. Dat is echt oars wurkjen. Wy misse elkoars oanwêzings. Ek fanwegen de humor dy't in foarnaam plak hie yn it oerlis. Mar wy binne ek bliid dat wy mei Zoom dochs mei elkoar wurkje kinne. Der binne hast wykliks oerlizzen en der wurdt hiel wat ôfmaild.

Ien en oar liedt der ta dat we eins gjin fertraging oprûn hawwe troch koroana. By de start al fregen minsken hoe lang it projekt duorret. Wy wisten it doe net echt en witte it noch net goed. De ynskatting dy't wy no meitsje kinne komt út op noch fiif jier (2025). As der wizigingen komme yn de beskikberens fan oerseters, redakteuren of fristen kin it projekt koarter of langer duorje.

Op koarte termyn komt der in webside oer it projekt mei ynfor-

maasje, opmerkings en priuwkes. Ek wurdt wurke oan in nijsbrief dy't minsken krije kinne as hja it projekt finansjeel stypje.

Dy stipe is wichtich as wy neist de nije Fryske Bibel oare útjeften publisearje wolle, bygelyks in boekje mei ferantwurdingen en taljochtingen.

### Ried fan advys

Yn de rin fan ferline jier is der in Ried fan advys oprjochte. Dêr sitte minsken yn dy't helpe wolle it projekt bredere bekendheid te jaan yn en bûten Fryslân - ek by minsken dy't net yn de kristlike tradysje stean. It bestjoer fan de Stifting Fryske Bibeloersetting (SFBO) wol ek graach dat de Ried oer it skouder meisjocht nei wat de Stifting docht. Net as formeel tafersjoch, mar ek as utering fan iepenheid nei de Fryske mienskip. De leden binne: dr. Geart Benedictus (foarsitter), mr. Pier Eringa, drs. Anja Haga, drs. Bert Looper en mr. drs. Jannewietske de Vries.

De leden hawwe elk in netwurk dat brûkt wurde kin by kommende aktiviteiten. Der wurdt al tocht oan in útstalling oer de Bibel yn Fryslân en oan teatrale en literêre foarmen om de nije oersetting 'sprekke' te litten yn de iepenbiere romte.

De skiednis lit sjen dat in Bibeloersetting nochal ris reden wie foar argewaasje of slimmer. De nije Fryske oersetting sil fêst ek kritysk beoardiele wurde. De SFBO snapt dat. Dat is krekt de reden foar 'iepenheid' oer it proses, foar publikaasje fan parten fan de oersetting, foar útnûgingen om mei te lêzen en om gearkomsten te organisearjen (nei koroana) oer wichtige beslissingen yn it oerseterswurk. De nije Fryske Bibeloersetting kin sa al wat eigen wurde, soks ek as opbou fan it geastlik libben.

Lútsen Kooistra is foarsitter fan it bestjoer fan de projekt-Stifting Fryske Bibeloersetting (SFBO)



sette wat der stiet en wat net mear begryplik is (*tsjêf, terskfljer*) taljochtsje. As it net oars kin, bygelyks by byldspraak dy't wy net mear begripe (metafoaren), kin de betsjutting omskreaun wurde.

Guon fersen yn de Bibel binne net goed te begripen, bygelyks as in sin taalkundich net doocht. Yn de praktyk fan it bibeloersetten wurdt sa'n sin faak 'begryplik' makke. Dan wurdt der in kar makke yn wat dy

## In priuwke

### Job 21: 1-10, yn wurkoersetting

#### Doe antwurde Job:

'Jimme moatte no ris goed nei my lústerje, lit dat de treast wêze dy't jimme my jouwe. Haw dochs geduld mei my, wylst ik oan it praten bin. As ik útpraat bin, kinne jimme wol wer de gek mei my hawwe.

#### Is myn klacht soms tsjin in minske rjochte?

Hoe soe 't my dan net ynbaarne? Sjoch my ris oan, dan sille jim fersteld stean en de hân op 'e mûle lizze. As ik dêroan tink, bin ik ferbjustere. Wêrom libje kweadoggers mar

#### troch, hawwe se hege leeftiden berikt en is har fermogen groeid?

Se sjogge dat it mei har bern goed giet, se meitsje it mei dat se pake- en bepesizzers krije. Har hûzen binne frij fan eangst, de stôk fan God slacht harren net.